

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....



Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: sturt, strân, hurd en sân)

Gedicht

Ik wie in kear op Skylge,
 wy rûnen op it
 Doe seach ik dêr in hiel frjemd bist,
 hy sliepte yn it
 It bist dat hie gjin poaten,
 gjin earen en gjin
 Mar doe't er yn it wetter gie,
 doe swom er wol hiel



Op it strân

Teun, Jort en Elma binne op it strân. Se sjogge trije bisten. In seehûn, in seestjêr en in seefûgel. Skriuw de goede namme by it goede bist.







..... sjocht de seehûn.

..... sjocht de seestjêr.

..... sjocht de seefûgel.

Under of boppe wetter

Libje se boppe of ûnder wetter. Skriuw **boppe** of **ûnder** by de plaatsjes.




WEROM HASTO
IN DÛKBRIL OP?

OARS KRIJ IK
WETTER
YN'E EAGEN.



Op it Waad



Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)

- 1. Op it sân lizze sân seehûnen.
- 2. It ljocht fan de fjoertoer is de hiele dei oan.
- 3. Seefûgels fine fisk lekker.
- 4. Alle seehûnen krije jonkies.
- 5. De sylboaten ha trije seilen.
- 6. Seehûnen kinne goed swimme.
- 7. In seehûn kin hiel lang ûnder wetter.
- 8. Je kinne in seehûn maklik aae.
- 9. Ik ha wolris in seehûn sjoen.
- 10. Ik ha sels wolris op in eilân west.

Seehûn - 4
TROCHSTREEKPUZEL

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.



| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| S | E | I | L | Â | N |
| E | N | Â | R | T | S |
| E | S | N | O | R | S |
| H | F | I | S | K | Â |
| Û | T | Ú | N | S | N |
| N | S | K | U | L | P |


- SEEHÛN = grien SÂN = brún
 EILÂN = read SNOR = pears
 STRÂN = giel SNÚT = oranje
 SKULP = blau

Asto it goed dien hast bliuwe der 4 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet? Skriuw it wurd hjir ûnder op.

Seehûnen ite graach

Op it waad

Meitsje de tekening ôf mei fisken, seestjerren, skulpen, fûgels en miskien wol in seehûn.



Seehûn - 5

SUDOKU















Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.

In seehûn, in moksel, in fjoertoer, in fisk en in seestjêr

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

Kinsto de oare plaatsjes tekenje?

| | | | | |
|---|---|---|--|---|
|  | | |  | |
| |  |  |  |  |
|  | |  | |  |
| |  | |  | |
| | | | |  |



Sykje it goede wurd

Watfoar wurden stean hjir? Se begjinne allegear mei it wurd sje see-.

It plaatsje makket it wurd ôf.

See _____



See _____



See _____



See _____



See _____



See _____



See _____




Proefke

Yn dit proefke lit ik sjen hoesto in stik papier ûnder wetter hâlde kinst sûnder dat it wiet wurdt.

Do hast nedich:

- In bak wetter, • In glês, • In fel papier
- Fan it fel papier makkest in prop.
- Dy prop dochst yn it glês.
- Goed oandrukke.
- Dan dochst it glês oer de kop yn de bak wetter.
- No hellest it glês wer út it wetter.
- Sjoch, it papier is noch droech!



Knap hè?

- Yn it glês sit lucht.
- De lucht kin net ûntsnappe.
- It bliuwt tusken de prop en it wetter sitten.
- It wetter kin der net langs en it papier bliuwt droech.

Slimme Seehûn

tekst: Jelle Bangma, muzyk: Meindert Bosklopper

'k Wit in seehûn, dy hjit Simme
dy swimt hiel graach yn 'e see,
hat diploma's A, B, C,
swimt de hiele kust bydel,
fan Harns nei Zierikzee.

Mar syn freontsje, ek in seehûn
mei de moaie namme Murk,
swom noch hieltyd mei in kurk,
driuwd' en dobb're mar wat om
deun neist syn pake Durk.

Hy doarde net te dûken,
syn snorkel net te brûken,
hy wie sa bang en bleu
it wie ferhipte sneu
ja echt ferhipte sneu.

Simme woe syn freontsje helpe,
hy moast dûke yn 'e see.
Simme hie doe dit idee:
Murk moast daalk in dûkboat ha,
dy dûke echt okee.

Skytmerakels, sei syn pake,
yn sa'n dûkboat krijt er stress,
Murk dy moat gewoan op les,
dûkt er samar op dy ta,
hy krijt fan my hjoed les.

Sa learde Murk doe dûken
syn snorkel ek te brûken
no dûbeldûke sy
-mar net op freed-
op freed dan ha se frij,
dan sinnebaaie sy.

